



De Ferening fan Frije Bilkerts is oprjuchte om as Frije Bilkerts út namme fan ynwenners fan it Bilt in eigen en dúdlike ynbring te hawwen in te fieren belied en te nimmen riedsbeslúten.

Frije Bilkerts kiest foar it Bilt. Yn bestjoerlik te meitsjen keuzes hannelt Frije Bilkerts fanút de ferantwurdlikens foar de eigen ynwenners. Frije Bilkerts kiest foar foarsjennings dy't ús gemeente foar jong en âld oantreklik hâlde om te wenjen. Wenje, wurkje én bewarje.

Wenje

De wenkrite en 't iepen lânskip steane foarop yn keuzes at dy makke wurde moatte. It is oantreklik om yn ien fan de Bildtdoarpen of oan de Alde- en Nijebiltdyk te wenjen. Frije Bilkerts stiet foar in aktyf belied om it Bilt as wen- én wurkgemeente te fersterkjen. Fierdere ûntwikkeling fan rekreaasje en toerisme is passend by de wen- en wurkfunksje fan de gemeente.

Wurkje

It Bilt is fanâlds in gemeente der't foaral agraryske aktiviteiten in belangryk plak ynnimme. Om de wurkgelegenheid yn de eigen gemeente fêst te hâlden en te fersterkjen wurdt keazen foar passende yndustry op derfoar beskikbere bedriuweterreinen of lokaasjes by of yn de doarpen.

Bewarje

It Bilt hat troch syn ûntsteansskiednis, de eigen Biltse taal en kulturele identiteit, as gemeente in eigen plak yn bestjoerlik Fryslân. Dat erfgoed moat ek garandearre wurde yn gearwurkingsfoarms mei oare gemeenten. It Bilt fiert as gemeente in aktyf belied dat foar de eigen selstannigens befêstigjend en befoarderjend is. Weryndieling en dermei it ferdwinen fan de gemeente it Bilt wurdt ôfwiisd.

Doarp en ynwenner

Frije Bilkerts sil aktyf nei de boarger ta hannelje, sa nedig mei in riedplachtsjende referindum. De ferienings fan pleatslik belang, doarps- en streekbelang binne in belangrike skeakel tusken ynwenner en ried. Dy eigen ynbring wurdt bliuwend stimulearre troch it Doarpefûns. De doarpsfisys en ynbring yn it gemeentlik ferkears- en ferfersplan (GVVP) binne de basis fan hanneljen. In Multifunksjonele foarsjenning is of wurdt it kloppjend doarpshert. Ferienings, organisaasjes, ynstellings en skoallen kinne der, at de tiid dat freget, oanslúting fine.

De jonge Biltkers

It ynsette jeugdbelied "Jeugd in beeld" is in goed draachflak om de jongere ynwenner aktyf te beheljen by beslútfoarming. De RadeRaad is in poadium der't ek saken troch de jeugd oan de oarder steld wurde kinne. Yn elts gefal ien keer yn it jier is der dêrom in spesjale Jeugd-RadeRaad.

Oanfoljende ynformaasje

De ynwenners fan it Bilt moatte by ter sake dwaande riedsfoarstellen by de beslútfoarming belutsen wurde. Derfoar is aktyf oerlis mei boargers, ferienings en ynstânsjes nedig. Sûnt oktober 2009 is de ienpersoansfraksje Frije Bilkerts aktyf yn de ried fan it Bilt. Dat lûd fan Frije Bilkerts, iepen nei de boarger ta foar ynformaasje, dúdlik yn te meitsjen keuzes, wolle wy as Ferening fan Frije Bilkerts graach de kommende fjouwer jier fersterkje en fansels ek dernei.

De ferienings fan doarps- en streekbelang hawwe harren kar foar wat de kommende jierren gebeure moat, fêstlein yn doarpsfisys. De ynbring fan boargers, ferienings en organisaasjes oer û.o. ferkearsfeiligens, is opnommen yn it gemeentlik ferkears- en ferfersplan (GVVP). De doarpsfisys en it GVVP binne de basis fan hanneljen. Frije Bilkerts bliuwt foar in frijlizzend fytspâd by de Attesweg lâns.

As gemeente steane wy ek de kommende jierren foar belangrike beslissings. De beslútfoarming oer de saneamde Campus, it yn St.-Anne neistnoar bringe fan de beide skoallen foar fuortset ûnderwiis, de Ulbe van Houten en de Foorakker, mei de finânsjele romte fan ûs gemeente yn de kommende jierren net bepale. Frije Bilkerts kiest net foar de neamde lokaasje Dirk Janszstraat.

Der moat nij lokaasje-ûndersyk Van Harenshuus komme, yn kombinaasje mei nijbou Beuckelaer. Frije Bilkerts wol earst ynsicht yn de ferkeerstechnyske gefolgen fan de foarnommen ôfslúting fan de Beuckelaerstraat tusken MFC Ons Huis en Beuckelaer. Krekt dan kinne bewenners fan omlizzende strjitten (û.o. Hollandse Straat) harren útsprekke oer parkeerplakken en de bêste ferkearsôfwikking. Frije Bilkerts set him yn foar behâld fan mini-theater De Dolende Ridder oan de Aldebiltdyk.

Besúnniging troch fan boppe oplein belied kin liede ta beperking fan de finânsjele mooglikheden fan ús gemeente en fan needs in nije kar mei him meibringe. Dan te nimmen beslúten meije útfiering fan belied op basis fan doarpsfisys en it gemeentlik ferkears- en ferfersplan, as earder neamd, net ûnmooglik meitsje.

Gearwurking mei oare gemeenten hat as basis it befoarderjen fan de selsstannigens fan it Bilt. It Bilt ûndersiket at en mei welke oare gemeenten dy selsstannigens op langere termyn garandearre wurde kin. In 2013 meije wy net foar it feit komme te stean dat gearwurkje as fjouwer Middelsee gemeenten net langer helber is. Dan rinne wy de kâns telânde te kommen yn in troch de prevînsje opleine weryndieling. It Bilt moat bestjoerlik it Bilt bliuwe

Frije Bilkerts kiest foar it Bilt. Foar de ynwenners fan dizze gemeente. Foar de doarpen. Foar ynfulling fan 't âlde sporthert fan St.Jabik, foar ûntwikking fan Aldebiltsyl as toeristysk sintrum (TOP-lokaasje) mei in ferbining op de Alvestêdefaarrûte. De wenfunksje fan Aldebiltsyl, Froubuorren, St.Jabik en Minnertsgea kin fersterke wurde mei in multifunksjonele foarsjenning.

Frije Bilkerts kiest foar it Bilt
Kies derom foar Frije Bilkerts

Website: www.frijebilkerts.nl